

AMENDEMENT

Wurklistpunt: 5 - Programmabegroting 2025-2028

Underwerp: Tapasse ynflaasjekorreksje subsydzje Wâldsang

De ried fan de gemeente Achtkarspelen byinoar op 7 novimber 2024

Wiziging:

In beslistpunt oan it beslút tafoegje (fetprinte en trochhelle tekst):

- **De subsydzje, dy't de gemeente Achtkarspelen oan de Wâldsang jout, foar 2025 te ferheegjen mei in ynflaasjekorreksje fan 4%, de strukturele subsydzje foar de Wâldsang alle jierren te yndeksearjen mei in ynflaasjekorreksje en dit te evaluearjen en de tekst op side 158 fan de begrutting sa oan te passen:**

	2025
Muziekonderwijs subsidie	318 331

Taljochting:

De Wâldsang is in belangryk kultuersintrum yn de regio Achtkarspelen mei in grutte ynfloed op it ûnderwiis en de mienskip. Wy binne dêrom ek tige wiis mei wat it kultuersintrum foar ús regio docht en jouwe ek stipe yn de foarm fan in subsydzje. Dy subsydzje is struktureel fan aard en soarget der foar dat de Wâldsang dat foar al ús doarpen dwaan kin.

Yn de begrutting dy't foarleit, is der gjin ynflaasjekorreksje foar it subsydzjebedrach fan de Wâldsang tapast. Foar de tsjinsten fan de Wâldsang is it net tapassen fan dy korreksje krúsjaal en dat sil direkte gefolgen ha foar hokker skoallen it kultuersintrum wat betsjutte kin.

Anne Douwe Bouma, FNP-Achtkarspelen

Dineke Terpstra-Kerkhof, GBA-Achtkarspelen

Edwin de Vries, selsstannich riedslid

Voor: FNP, GBA en zelfstandig raadslid De Vries (7)

Tegen: CDA, CU, GroenLinks, PvdA, PVV en zelfstandig raadslid Van Dijk (14)

Het amendement is **verworpen**.